

100 De dei fan 't kroaningsfeest is kommen,

1. De dei fan 't kroaningsfeest is kommen,
de dei fan ear en hearlikheid.
De Hear hat wer syn troansit nommen
en hearsket yn syn majesteit.
Ierde en himel sille
fan syn gloarje tille,
no't it wûnder bart,
wylst syn freonen 't seagen,
dat Hy foar har eagen
nei de himel fart.
2. Gean op no foar de Foarst der eare,
jim, poarten der gerjochtichheid;
ferheegje 't haad no foar de Heare,
dy't yngiet yn syn hearlikheid.
Jezus, de ferstoarne,
keart nei de eigen troane
hearlik no werom,
om yn 't heechst fermidden
foar syn folk te bidden:
sjonge wy syn rom!
3. De Hear hat ta myn Heare sprutsen:
"Sit oan myn rjochterhân mei My".
Sa hat er alle heechheid brutsen
mei dizze iiv'ge hearskippij.
Dy't de euv'le minsken
húnden en ferwinsken
libbet no mei God;
dy't de wrâld fersmade
en mei flok oerlade
stjoert ús aller lot .
4. Sa mei de Kening Him ferbliidzje,
o tsjerke, yn dy, syn reine Breid.
Do meist op al syn jeften tiidzje
dy't Hy syn folk yn trou foarseit.
Fier mei Him fiktoarje,
't is de dei fan gloarje
foar de Minskesoan;
't is de dei fan eare
foar ús Foarst en Heare,
Pryster op syn troan.

5. Jim seagen Him te himel stigen,
de Hill'ge Geast kaam op jim del,
de sill'ge jefte dy't jim krigen
behoedet jim tsjin wrâld en hel.
't Ing'lekoar hjirboppe
en de hill'gen roppe
Him 't halleluja.,
er de tsjerke yn striden
bringt troch alle tiden
Kristus hulde ta.
6. Kom, lit ús hoopje, weitsje en bidde
en ús besterkje yn Him, ús haad;
de freugde is foar d' oprjochte siedde,
de Geast is liedsman op har paad.
Hy, no fan ús nommen,
stiet werom te kommen
mei bazúnmuzyk;
dan sil Hy op ierde
alle folken liede
ta syn frederyk.

Isaak da Costa (1798 – 1860)
oersetting: Fedde Schurer (1898 – 1968)
M. Wybenga (fers 4)